

Mingd Koar Grou bestiet 75 jier

Ramp Titanic brocht Grou oan it sjongen

GROU - Dit wykein fiert it Mingd Koar te Grou syn 75-jierrich bestean. Moarntemiddel mei in resepsje yn „De Vrijheid” en snein mei twa konserten yn de Sint Pitertsjerke. It is no ek 75 jier lyn dat it kolossale skip de Titanic fergyng, dêr't 1517 minsken by omkamen. Wat ha dizze twa feiten meielkoar te krijen?

Wolno, by it sinken fan de Titanic spile de skipskapel it liet „Nearer my God to Thee”. De ramp makke doedestiids sa'n yndruk op de minsken, dat rûnom yn de tsjerken dat liet songen waard. Sa ek yn Grou. Op inisiâtyf fan gemeentesiktaris B. H. Gorter waard een koarke fan njoggen minsken gearstald dat ûnder lieding fan J. van Stralen „Nader mijn God tot U” song. Dat koarke wie de opmaat fan wat letter it Mingd Koar Grou wurde soe.

Mar sa hiet it net yn it begjin. Earst ûntstie it „Formanje-koar” dat in oantal jierren songen hat by tsjerketsjinsten en op kristlike feestdagen. Yn 1918, doe't Jehannes Gorter him ree ferklearre foar fjirtich gûne jiers it dirigentskip op him te nimmen, krige it koar de namme dy't it no noch draacht. Al waard it yn de folksmûle noch lang it Formanje-koar neamd.

Trije jier letter wie men sa fier dat foar it earst dielnommen waard oan in konkoers. It koar gyng mei de boat nei Ljouwert en helle dêr in twadde priis wei, mei 117 1/2 punt yn de tredde ôfdieling. Yn 1925 krong it Mingd Koar al troch yn de earste ôfdieling. Gorter hat dirigint west fan 1918 oant 1945 ta. Under lieding fan dizze ienfâldige, begaafde en muzikale man kaam it Mingd Koar Grou op it lêst yn de ôfdieling „Uitmuntendheid” telâne.

Doe't it koar 25 jier bestien hie, hie it al 125 kear optreden foar publyk: 22 konkoersen, trije kear op brulloften en trije kear op sjongersfeesten en 97 kear by oare gelegenheden. Yn 1942 waard de namme feroare yn „Doopsgezind Kerkkoor”, om foar te kommen dat men him by de troch de besetter ynstelde Kulturkeamer oanslute moast. Men betanke ek foar it Fryske Boun fan Sjongkoaren.

Gorter waard yn 1945 opfolge troch Kor Ket. Under dizze yn Fryslân legendaryske dirigint, dy't yn 1955 op jonge leeftiid ferstoar, hat it Mingd Koar gâns hichtepunten belibbe. Yn 1949 die men foar it lêst mei oan in konkoers. Dat wie yn Bakkefean, dêr't foar de „Maskerdans” fan Boudijn it heechste oantal punten yn de heechste ôfdieling takend waard.

Yn 1950 waarden yn Hilversum opnamen fan „De Jonkerboer” makke, wêrby't it koar begelaat waard troch it AVRO-omroporkest ûnder lieding fan Hugo de Groot. Op 'e weromreis moast

men oerstappe yn Amersfoart en dêre op it perron joech it koar wol sa'n „ivich moaie” útfiering fan „Mar, o mar”, dat alle perrons leechrûnen en de minsken der allegearre om hinne kamen te stean. Der waard ek in bulte optreden mei it Frysk Orkest, mei ûnder oaren kenin-ginne en prins ûnder de harkers.

Nei Kor Ket hat it koar ûnder lieding stien fan Jan Veninga (1955), Bram Feenstra (1958) en Harm van der Meer (1970). Yn 1986 waard Veninga op 'e nij dirigint. Der waard meiwurking ferliend oan allerhande festiviteiten en betinkingen, wijd oan bygelyks Joast Halbertsma, Piter Jelles Troelstra, Gysbert Japiks en Paulus Folkertsma. Der waard songen foar films en de televyzje en mei Iwan Rebroff - te folle om allegearre op te neamen. Ut de rike histoarje docht bliken dat it koar fan grutte betsjutting west hat foar Grou en Fryslân en de leden fan it koar hoopje dat dat noch yn lingte fan dagen sa bliuwe mei.